

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
FNP, de heer S. Posthumus
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 27 augustus 2019
Ferstjoerd, 27 AUG. 2019

Ús merkteken : 01683304
Ôfd/Opjefte : Wurkje mei Fryslân
Opsteld troch : (058) 292 5170 / m.kok@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) : -

Underwerp : Beântwurdjend skriftlike fragen oer transparânsje en finânsjes Waadfûns

Achte heer Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 3 july 2019 beântwurdzje wy as neikomt.

Jo ynliding:

Fan ferskate organisaasjes krijt de FNP-fraksje it sinjaal dat der net safolle transparânsje nei bûten ta is oangeande it takenen fan punten foar subsydzjes út de jildten fan it Waadfûns.

Fierder hat de FNP-fraksje konstataarre dat der op de balâns fan it Waadfûns in bedrach fan € 112 miljoen stiet en dat it totale saldo oan likide middels en deposito's neffens de jierrekken 2018 op 31/12/2018 € 182 miljoen wie. Neffens ús ynformaasje giet it by dat bedrach foar fierwei it grutste part om jild dat noch oan subsydzjes foar ekology en ekonomy útjûn wurde moat.

Dêrneist sil de kommende jierren (oant 2026) alle jierren € 28.878.000 as desintralisaasje-útkearing fan it Ryk ynkomme by it Waadfûns. Ek is der alle jierren in protte frijfal, omdat projekten net trochgean of omdat net alle jild nedich is.

As wy lykwols nei de mearjierrebegrutting oant en mei 2024 sjogge, dan sil alle jierren net mear as sawat € 29 miljoen útjûn wurde troch it Waadfûns. Dat betsjut, dat it 'stuwmar' oan reserves sa net útjûn wurdt.

Fraach 1:

Kinne DS der by it DB fan it Waadfûns op oanstean dat de prosedure foar oanfragen helderder wurdt? Bygelyks mei it publyk meitsjen op de webside fan it Waadfûns fan it oantal punten dat jo foar ferskate ûnderdielen 'fertsjinje' kinne by de beoardieling fan oanfragen?

Antwurd fraach 1:

Nei oanlieding fan jimme sinjalen binne wy ree en bringe it punt fan transparânsje by it DB fan it Waadfûns yn omtinken. De ynset fan it Waadfûns is om it oanfraachproses sa ienfâldich en transparant mooglik yn te rjochtsjen.

By de subysdzjeregeling *Budget lokale innovaties* wurdt dêrom mei seis advysloketten, ferdield oer de Waadregio, wurke. Dêr wurdt foarljochting en advys oer dizze regeling jûn. Op de webside fan it Waadfûns wurde belangstellenden nûge om, foardat se in oanfraach yntsjinje, kontakt mei it loket op te nimmen. Dêr wurdt in soad gebrûk fan makke.

Foar it jaan fan subysdzje fan it Útfieringsprogramma Waadfûns (it saneamde tematyske subysdzje útdielen) wurde, ferdield oer de Waadregio, periodyk wiidweidige foarljochtings- en advysgearkomsten organisearre. Dy gearkomsten wurde goed besocht. Foar dy lêste regeling jildt boppedat dat oanfregers apart subysdzje krije kinne foar profesjonele stipe by it opstellen fan in oanfraach. Dy subysdzje-oanfraach is ienfâldich en wurdt yn de praktyk in soad brûkt.

Fansels is it Waadfûns altyd ree foar it komfort fan oanfregers ferbetterings yn it proses mooglik te meitsjen.

Graach wolle wy jimme noch wize op de politike Waaddei op 12 septimber 2019 (Fiel it Waad). Spesjaal foar jimme as Steateleden is der dy dei in moarnsdiel gearstald. De útnûging dêrfoar is op 2 july II. oan de griffier stjoerd.

Fraach 2:

En fierder, wolle jo befoarderje dat de kommunikaasje nei oanfregers fan subysdzje ta yn alle iepenens ferrint, oer de punten dy't men krigen hat foar de ferskate ûnderdielen en wê't it oan ûntbrekt?

Antwurd fraach 2:

De beslútfoarming oer it beskikber stellen fan subysdzje troch it Waadfûns is nei ús betinken tige transparant. It beslút op de oanfraach is fan in wiidweidige motivearring foarsjoen. As foar de oanfraach ekstern advys ynwûn wurdt, wurdt dat advys oan de oanfregger jûn. Boppedat kriget de oanfregger in telefoanyske taljochting op in beslút. Dêrby komme ek mooglike ferbetterpunten oan 'e oarder. Nei ús betinken hoege wy dêr dan ek gjin aksje op te ûndernimmen.

Fraach 3:

- a. *Is it Waadfûns noch altyd fan doel om alle har tabetroude middels foar it waadgebiet út te jaan foar 2027 (dus ynklusyf de op dit stuit al opboudde reserve fan mear as € 100 miljoen)?*
- b. *Sa ja, hoe wol it DB fan it Waadfûns dat realisearje?*
- c. *Wurdt der ek tocht oan it omheech bringen fan de subysdzje-plafonds?*

Antwurd fraach 3:

It Waadfûns hat gjin reserve fan € 100 miljoen. Foar oer € 100 miljoen steane ferplichtings út eardere beskikkings/reservearrings. In part fan de beskikbere algemiene reserve fan € 30 miljoen is wjerstânsfermogen.

De ferwachting is dat de fraach nei subsydzje foar projekten foar it Investeringskader Waddengebied (IKW) fier oer it beskikbere budzjet hinne giet. Yn 2018 is dêrom besletten om 30 miljoen út de algemiene reserve beskikber te stellen foar majeure projekten, omdat dêr yn dat jier fraach nei wie en it reguliere budzjet te krap wie om oan de fraach út it IKW yn 'e mjitte te kommen. Yn it tempo dêr't de projekten oant no ta mei subsidiearre wurde, sil it beskikbere budzjet fóár it ferstriken fan de Waadfûnsperiode benuttige wêze.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris